

Definysje fan befêstigjende tastimming

Befêstigjende tastimming is in beslút dat by fol ferstân, frijwillich en troch alle dielnimmers naam wurdt om oer te gean ta seksuele aktiviteit. Tastimming kin jûn wurde troch wurden of aksjes, salang't dy wurden of aksjes liede ta dúdlike tastimming oangeande de reewilligens om oer te gean ta seksuele aktiviteit. Op en fan himsels is stilte of de ôfwêzigens fan wjerstân gjin teken fan tastimming. De definysje fan tastimming fariearret net neffens in dielnimmer syn of har geslacht, seksuele oriïntaasje, geslachtsidentiteit of geslachtsútdrukking.

Tastimming foar in beskate seksuele hanneling of eardere seksuele aktiviteit mei in oare partij betsjut net sûnder mear tastimming foar in oare seksuele hanneling.

Tastimming is fereaske los fan de kwestje oft de persoan dy't de seksuele hanneling oangiet wol of net ûnder ynfloed fan drugs en/of alkohol is.

Tastimming kin ynearsten jûn mar op in letter stuit ek wer ynlutsen wurde.

Tastimming kin net jûn wurde as immen net hannelingsbekwaam is, wat him foardocht as in persoan de mooglikheid net hat om by fol ferstân te kiezen foar it oergean ta seksuele aktiviteit.

Hannelingsûnbekwamens kin it gefolch wêze fan fermindere bewustwêzen, in sliepende tastân, it ûnfrijwillich bûn wêzen of in oare reden dat immen gjin tastimming jaan kin. Ofhinklik fan de mjitte fan berûzing kin immen dy't ûnder ynfloed is fan alkohol, drugs of oare berûzende middels hannelingsûnbekwaam wêze en dêrom gjin tastimming jaan kinne.

Tastimming kin net jûn wurde as dy it resultaat is fan twang, yntimidaasje, krêft, bedriging of ferwûning.

As tastimming wer ynlutsen wurdt of net mear jûn wurde kin, moat seksuele aktiviteit stilset wurde.

Frijwarring fan oanklachten oer it omgean mei drugs en alkohol

De súnens en feiligens fan eltse studint fan Rockland Community College is fan it grutste belang. RCC erkent dat studinten dy't alkohol en/of drugs brûkt ha (itsij frijwillich, itsij ûnfrijwillich) op it stuit dat geweld – ynklusyf mar net beheind ta húslík geweld, útgeansgeweld, hjitfolgerij of seksuele oantaasting – him foardocht, skruten wêze kinne om sokke ynsidintente melden, út eangst foar mooglike gefolgen fan harren eigen gedrach. RCC riedt mei klam oan dat studinten húslík geweld, útgeansgeweld, hjitfolgerij of seksuele oantaasting oanjouwe by de ynstellingsautoriteiten. In bywêzige dy't yn goed betrouwen hannelet of yn goed betrouwen oan autoriteiten of hanthaveners fan RCC ferslach docht fan in ynsidint op it stik fan húslík geweld, útgeansgeweld, hjitfolgerij of seksuele oantaasting, wurdt ferbrekken fan de gedrachskoade fan RCC's oangeande alkohol- en/of drugsgebrûk om of op it stuit fan it oanbelangjende húslík geweld, útgeansgeweld, hjitfolgerij of seksuele oantaasting, net oanrekkene.

Rjochten fan de studint

Alle studinten hawwe it rjocht:

Om melding te dwaan oan lokale wetstsjinners en/of regionale plysje;

Om in melding fan húslík geweld, útgeansgeweld, hjitfolgerij of seksuele oantaasting serieuus behannele te krijen;

Om, frij fan oantrunen fanút de ynstelling, sels te besluten oft se al of net in misdied of oertrêding oan it ljocht bringe wolle en dielnimme sille oan de ynterne juridyske of gedrachsproseduere of it offisjele rjochtsproses;

Om diel te nimmen yn in proses dat earlik en ûnpartijdich is, en op adekwate termyn en betsjuttingsfolle wize gelegenheid jout om heard te wurden;

Om mei waardigens behannele te wurden en fan de ynstelling ynfielende, earlike en respektfolle sûnenssoarch en advysstipe te krijen as soks fan tapassing is;

Om frij te bliuwen fan de suggestje dat de melder ferkeard hannelet as dy misdieden en oertrêdings begien wurde of op in oare wize hannele hawwe moatte soe om dy misdieden of oertrêdings te ûntrinnen;

Om it ynsidint oan sa min mooglik ynstellingsautoriteiten mei te dielen as praktysk needsaaklik is en net fersocht te wurden om ûnnedich in beskriuwing fan it ynsidint te werheljen.

Om beskerme te wurden tsjin ferjilding troch de ynstelling, in oare studint, de oanklage persoan en/of dy syn of har freonen, famylje en kunde, binnen it rjochtsgebiet fan de ynstelling;

Om op syn minst ien beropsmooglikheid op it beslút ynsette te kinnen;

Om begelaat te wurden troch in adviseur fan eigen kar, dy't immen dy't ferslach docht, oanklage wurdt of fragen beäntwurdet, bystân en advys jaan kin yn de rin fan de hiele proseduere, ynklusyf by alle gearkomsten en sittings dy't ferbân hâlde mei dy proseduere;

Om boargerrjochten en religy út te oefenjen sûnder steuring troch de ûndersyks-, resjerzje- of rjochtsprosedueres fan de ynstelling.

De rjochten binne fan tapassing los fan ras, húdskleur, komôf, religy, leauwe, leeftyd, handicap, geslacht, geslachtsidentiteit of -útdrukking, seksuele oriïntaasje, famyljestatus, swangerskip, erflike oanlis, militêre status, de status fan slachtoffer fan húshâldlik geweld, earder feroardiele wêzen en los fan de fraach oft de misdied of oertrêding wol of net op it ynstellingsterrein bard is, of ûnder in stúdzjeferbliuw yn it bûtenlân.

Jo ha it rjocht om in melding te dwaan by de universiteitsplysje of de campusbewaking, lokale en/of regionale plysje, of om derfoar te kiezen om gjin melding te dwaan; om it ynsidint by jo ynstelling te melden; om troch de ynstelling beskerme te wurden tsjin ferjilding omreden fan it melden fan in ynsidint; en om fan jo ynstelling bystân te krijen en helpmiddels brûke te kinnen.